

Willem Tjerkstra biedt mei Snijpunten genôch stof om oer nei te tinken

Nijsgjirrich ferhaal docht gj

Yn syn nijste roman bringt Tjerkstra ús yn de kunde mei twa haadfigueren en harren ideeën oer it libben en it leauwen. Hy bringt se ek mei inoar yn de kunde troch se ien nacht op deselde sikehúskeamer del te lizzen. En hy lit harren libbens inoar kruse troch it libbensferhaal fan Hidde Keimpema, skiednislearaar, gronologysk te fertellen fan likernôch 1944 oant no en dat fan Ralf Lanting, sakeman, fan no ôf oant de ein fan de oarloch.

TSJERK VEENSTRA

De beide mannen binne inoars tsjinpoalen: yntellektueel en sake-man, tinker en dwaander, fyn beslipe en rûch, as wiene it romanfigueren fan Anne Wadman, mar se hawwe ek dingen mien: opgroeid yn deselde stêd, in skippersferline en it al ier ferlitten fan it nêst.

Yn in fernimstich opset skema dogge de mannen om bar ferslach fan harren libbensrin: Hidde begjint te fertellen mei it jier 1950 en Ralf mei 2000 en dêrtusken troch jouwe se kommentaar en befreesje inoar op 'e sikehúskeamer om seis oere en fiif oer sân en sa giet dat fiif kear sa fierder oant se inoar oan de ein noch in brief skriuwe as se wer thús binne.

Sa'n konstruksje moat in doel tsjinje: om dúdlik te meitsjen wat de skriuwer sizze wol of om klearichheid te bringen yn de psychologyske ûntjouwing fan de haadpersoanen. Ik bin der noch net wis fan oft dat no de bêste manier wie om it sa te dwaan, mar it is ek wer net sa dat de konstruksje de fuortgong fan en it ynsjoch yn it ferhaal behinderet.

Yn de rin fan de sechstiger jierren kruse de libbens fan de haadpersoanen harren: Lanting nimt it beslút en stap út it fermidden fan de wenarkbewenners dêr't er yn yntroud is en wurdt kroechbaas njonken syn âld-izer negoasje en Hidde Keimpema komt as jonge kwekeling troch Rousseau ta it ynsjoch dat it 'natuerlike libben' de oplossing is foar alle ûnfrede en yn it gedicht *De moeder de vrouw* - 'Ik ging naar Bommel om de brug te zien.' fan Nijhoff fynt er ien fan de middels om it fersterren fan syn mem in plakje te jaan en dêrmei, liket my ta, ek de iere skieding fan de mem dy't er as skippersjonge ûndergean moast. De leafdeleazens fan de omke en muoike dêr't er yn de hús komt, wurdt noch fersterke troch de styfmem en de ambysjes fan syn heit mei syn nij grut skip. Hy set it byldsje fan Mars, dat er yn de terpmoeder fûn hat, yn ien fan syn earste lessen yn en noch faak sil dat 'geheime wapen' tsjinst dwaan as praatpeal en refleksjepunt.

Ideeën

Wy fernimme hjir al dat Tjerkstra in ideeënroman skreaun hat dêr't it




Willem Tjerkstra beskriuwt yn syn roman de libbens fan twa mannen dy't

natuerlike foar it skôgjende, filosofyske oer setten wurdt, de sljochtweihinne wissichheid tsjinoer twifel en freegjen. Sintraal yn dat sykjen stiet de 'ferlerne heit': Hidde gie op syn seisde fan board en learde

letter ta skoalmaster, Ralf flechte op syn santjinde it hús út en gie as soan fan in skoalmaster oer nei de 'Silverfloat', de selskant fan de stêd mei wenarken en ûngeregelde hannel.

n konsesjes oan lêzer



Inssoars tsjinpoalen binne. Foto: FD

sche, 'de masinist fan de trein dêr't ik ynstapte', mar 'op dat skip, oan de warrings ta laden mei kalvinistyske dogma's, stie in skipper oan it roer dêr't ik my net mear by thúsfiele soe'.

Mei omwegen fia Dietrich Bonhoeffer en Esther, de Joadinne dy't de kampen oerlibbet en dêr't er in relaasje mei hat, de besniene Joad en syn maat Keimpe, it byldsje út de terp, komt Hidde, dy't de werklike haadpersoan is en in soad wei hat fan syn 'auctor intellectualis', werom by de 'brêgehaden fan syn kalvinistyske opfieding' en sa by syn mem, ierde en himel ferbûn, it natuerlike, ierdske en de geast, it himelske.

Ek Esther wrakselte mei har ferline en ek sy moat ien kear klear komme mei it ferlies fan har heit en mem en broer en dat docht se yn Sobibor, dêr't se tegearre hinnereizge binne. Stiet har ferline in echt tegearre wêzen dan net mear yn de wei? Op dat helse plak yn de skiednis fan it minskdom komme Hidde syn twifels en fragen gear yn de figueren fan Mars, de oarlochsgod en syn byldsje, Nietzsche en syn ideeën oer de Uebermensch, Hitler en Bonhoeffer, Mars en Hidde as Joad.

Symbolyk

Wa't it oare wurk fan Tjerkstra lêzen hat, sil in soad werkenne yn persoanen en bylden as dragers fan ideeën en symboalen foar minske ne hâlden en dragen en tinken. Emblemata yn in bûnte rige as skûtsjes op it wide libbenswetter. Wa't meifarre wol, sil genietsje; wa't selskipper wêze wol, sil yn argewaasje oer board springe.

Snijpunten is net in maklik boek, omdat it in fol boek is: oerladen mei tynzen, filosofy, ynterpretaasje en útlis dêr't Ralf de katalysator en praatpeal fan is. Dat oerladene kin de lêzer bytiden argewaasje jaan, omdat er safolle symbolyk en psychologisearjen efkes net behappe kin.

Dochs is it net sa dat it oer alle boegen in droech en dreech boek is; it lit him ek lêze as in nijsgjirrich ferhaal oer it libben fan twa hiel ferskillende minsken dy't op inoars paad komme. De heiden Ralf Lanting, likegoed, wurdt oanrekke troch Hidde syn filosofyen en wol stommegraach nochris mei him beprate 'wat no krekt it ferskil is tusken dyn psalmsjongen en myn opgean yn de ivichheid'.

As yn it klassike drama is der ienheid fan plak en tiid, ien nacht yn it sikehûs, en ek fierder ûntjout it him yn syn opbou yn fiven lâns de lijnen fan dat drama oant de peripety (ommekear fan de hanneling yn de klassike tragedzje) ta mei syn einichste kear nei yn dit gefal foar Hidde Keimpema it goede, want it lykwicht en de harmony: de frede en rêst fan it natuerlike libben fan Rousseau, mei in himelske ferdjipping.

Wa't net út is op it lêzen fan in maklik boek en wol graach oan it tinken set wurdt troch literatuer, fynt yn dit nijste boek fan Willem Tjerkstra in rike 'fundgrube'. Hy wol der grif ek wol oer yn diskusje mei syn lêzers. Dat is it ek: net it lêste wurd, mar in diskusjestik.

Snijpunten, Willem Tjerkstra. Utjouwerij KFFB (nûmer 420), Alderhaske. 2002. 14 euro

'Wy hawwe de heit ferlern en doe't wy sels de wrâld yngongen, hat er ús ferlern. De ôfstân is te grut foar in brêge'. Hidde ferliest net allinne syn heit en mem, mar ek it leauwe ûnder ynfloed fan Nietz-